

- 21 Sjoch (it tige seldsume): *Exposition Internationale et Rétrospective du jeu de balle organisée [...] par le cercle L'Avenir A l'occasion de son X^e anniversaire 1887-1897*. S.p. [Brussel], s.j. [1897], 'Catalogue', s. III-V. Sjoch ek: Pieter Breuker. 'De PC en de Belgen: in súksesfol partoer'. Yn: Pieter Breuker en Jan Pieter Janzen (einred.). *De fiifde woansdei; 150 jier PC (1853-2003)*. Franeker, 2003, s. 107.
- 22 Wa't goed thús is yn de PC-histoarje, sil dy datum nij dwaan. De PC-falt ommers 'altiten' op *de fiifde woansdei nei 30 juny* en dêrmei op syn gaust op 29 july en op syn lêst op 4 augustus. Ik gean earstdeis apart yn op ôfwikende PC-datums.
- 23 Se komme net foar op de list fan 13 partoer sa't dy yn de *Leeuwarder Courant* fan 29 augustus 1892, s. 5, te finen is.
- 24 In list mei seis partoeren wie, bûten in steand nûmer yn de twadde omloop (de winner fan fiif en seis), ek yn in oar opsicht net optimaal: it partoer dat stean bleau, siet fuort al yn de finale. Dat wie nûmer seis, dat ek nochris de prijs meinaam.
- 25 *Bolswardsche Courant*, 1 septimber 1892, s. 2.
- 26 Dat betsjutte foar in arbeider dus twa dagen gjin ynkomsten, hielendal as er net yn de prizen foel.
- 27 De *Bolswardsche Courant* fan 1 septimber 1892 hie noch optimistysk steld: 'Of er dien dag ook belangstellenden uit onze provincie zullen tegenwoordig zijn? Zeer waarschijnlijk wel. In alle geval kunnen de kaatsers en het Bestuur onzer Vereeniging overtuigd zijn, dat alle Friesche kaatsers en de belangstellende leden der Kaatsvereeningen in gedachten bij hen zullen zijn.'
- 28 *Leeuwarder Courant*, 14 septimber 1892, s. 2.
- 29 Der wie yn sekere sin in presedint. Oan de PC-wedstriid fan 1888 dienen twa Noard-Hollânske partoeren mei. Omdat op de PC (fansels) op de Fryske wize keatst waard, hienen de Andyksters gjin skyn fan kâns. Sy wienen, krekt as de Súd-Hollanners, wend oan hege en moaie opslachballen (al brûkten se dêrby gjin tamis). De opslach wie ek har fier genôch. Fierder koenen se mei de prippers fan de Friezen net folle wurde en se beskôgen dy as ûnsportyf. Sjoch foar in tige nijs-gjirrich ferslach fan de Andykster ûnderfiningen yn Fryslân: Een Andijker kaatser. 'De Andijker kaatsers'. Yn: *Franeker Courant*, 16 augustus 1888, s. 2.
- 30 Myn kennis berêst op in krante-artikel yn it argyf fan it Keatsmuseum. Dêr is, troch Doeke Zijlstra, mei de hân by skreaun: '22-9-1892', sûnder de boarne te neamen. Ik ha dy oant no ta net fine kinnen, mar sykje fierder.
- 31 Pieter Breuker. 'De prizen: striid om jild en eare'. Yn: Pieter Breuker en Jan Pieter Janzen. *De fiifde woansdei; 150 jier PC (1853-2003)*. Franeker, 2003, s. 150.
- 32 De priis is troch Annie Roorda-Reitsma, in bepessizzer fan 'âlde' Jan Reitsma en in dochter fan dy syn soan 'jonge' Jan Reitsma, oan it Keatsmuseum skonken.
- 33 Freonlike meidieling fan Remko Jonker, in pakesizzer fan Sijbren Westra, yn in brief fan 19 july 2000 oan my.
- 34 'Het bestuur der Kaatsvereening "Bolsward" heeft van het uitvoerend comité der Int. Sport-, Visscherij en Paardentoonstelling een groote bronzen medaille met een herinnerings-diploma voor ieder lid ontvangen, wegens de ondernomen regeling der aldaar gehouden kaatspartij. De prijzen premiewinnaars ontvingen mede ieder een herinnerings-diploma,' Sjoch: 'Particuliere Correspondentie'. Yn: *Leeuwarder Courant*, 9 novimber 1892, s. 5.
- No is it net hielendal dúdlik hoe't it mei de materiële oantinkens oan de wedstriid sit. Op grûn fan boppeneamd sitaat soe men oannimme meie dat dy net (hiel) lang foar de datum fan it kranteberjocht, 9 novimber dus, útdield binne. Men freget jin dan wol ôf wat it bestjoer fan Boalsert al fuort de jûns nei de wedstriid op 11 septimber meikrigen hat: 'Aan elk der Bestuurders van de Kaatsvereening [Bolsward] werd een souvenir aan den wedstrijd ter hand gesteld, onder dankzegging voor hunne uitstekende leiding, waarop de President de commissie bedankte voor den ondervonden steun en de gulle ontvangst.' Yn: *Bolswardsche Courant*, 15 septimber 1892, s. 2.
- 35 Freonlike meidieling fan Piet Bierma, broer fan Johannes.
- 36 Ik ha, bûten it diploma fan Johannes Bierma, netstjinsteande in yntinsive syktocht yn de literatuer, op it ynternet, yn sportmusea en by partikulieren, gjin oare bewarre bleaune diploma's fine kinnen. Soks makket jin werris dúdlik hoefolle materiaal oft der yn de rin fan de tiid weirekke wêze moat.

In keatsbal foar de ivichheid

*sa'n keatsbal is in fers sûnder wurden
in trijediminsjonale ets fan tou en lear
in byldhouwurkje lykas de wrâld himsels*

(út: Josse de Haan. *iP2r90*, nov. '93)

Us mem stoar op 26 septimber 1998. Twaeninheale moanne letter, op 16 desimber 1998, rekke ús heit ek wei. Fan augustus 1954 oant ein 1997, trije en fjirtich jier lang, hie ik fan myn trettjinde ôf syn striid meimakke om in kûgelrûne keatsbal te skeppen. Want dat wie it, in skeppingsproses. Dit duorre wat langer as in wike. Foaral sneins hie er it drok.

Ik wie krekt in heale dei yn San Sebastian, Baskelân, dêr't myn freoninne wenne. Doe't ik foar de reis



Hanna Visser: Keatsbalsje yn gers.
Ur: Bylden fan de PC, Franeker, 2003.

ôfskied fan ús heit naam, neidat ik hast elke dei nei de dea fan ús mem by him west hie, sei er: 'Litst my yn de steek.'

Doe't ik dy 16^{de} om in oere of tolve wekker waard - 14 oeren riden easken har tol - seach ik op it antwurdapparaat dat myn jongste broer skille hie. Ik draaide it nûmer en krige syn dochter fan sân oan de line: 'Goeie omke Josse, pake is ek dea.' Lytse bern en dronken minsken, rjocht foar de raap. Doe kaam myn broer oan de telefoan: 'Fan 'e moarn doe't se him dûse soene, is er út har hannen glide, en wie er yn ien kear wei; silst komme moatte, want ús broer W. wol der neat mei te krijen ha.'

Hoewol't ik krekt in 1.500 km riden hie, sei ik ta dat ik de kommende nacht begjinne soe mei de rit werom, sadat wy de oare dei oerlizze koene en besluten nimme.

Us heit bestie net mear. Mear as fjirtich jier hie er keatsballen makke, op syn ienennjoggentichste elke dei noch twa. Dat wie foarby, foargoed. Spesjaal foar dat balmeitsjen hie er him op syn njoggentichste noch operearre litten oan ien each. De eachdokter krige in netsje mei ballen. In Hollanner dy't fan keatsen neat wist, noch nea sa'n apart kado krigen hie, mar it wol tige bysûnder fûn.

It is de styl

Ik hie de earste (brike) keatsbal yn in glêzen doaske, ik woe syn lêste ek hawwe. Tusken dy twa wie in berch fan wol fjirtich- oant fyftich tûzen keatsballen groeid. Hy hie se makke yn syn atelier - sittend op

in tafel mei in elektrysk kacheltsje, in radiootsje, twa Singernaaimasines, in skilderij fan in boartsjend jonkje op eachhichte, tweintich of mear brommerplaatsjes oan de muorre, heale en hele keatsballen en ark om him hinne.

Trije lytse kowerútsjes joegen wat ljocht, mar lang net genôch, sadat boppe syn hannen in 100Watt-lampe hong - it kaam heel krekt mei sa'n bal. Hy moast suver rûn wêze, presys op in gewicht fan 23,5 gram brocht wurde en in trochsneed hawwe fan goed 3,5 sm.

Op de begraffenis makke ik yn de tsjerke in fergeliking tusken it meitsjen fan in keatsbal en it skriuwen fan in gedicht of in koart ferhaal. De lêste jierren krige ik yn de rekken dat it wol wat fan inoar hie - by beide spilet kreativiteit in rol, it easket konsintraasje, ek geduld en foaral in respektfolle behanneling fan it materiaal.

By in gedicht binne dat de wurden en de taalmooglikheden, by in keatsbal spylje de linigens fan it lear, it soarte fan hier en it naaien fan de foarm in grutte rol. Beide kreaasjes easkje boartsjen mei de mooglikheden en benammen yntuysje. Beide produkten ûntsteane yn folsleine stilte en iensumheid.

Sa't elke dichter oan syn styl te werkennen is, sa is ek elke keatsbalmakker dat oan syn einprodukt. De styl fan de balmakker komt yn alle ûnderdielen fan de bal werom. In goeie bal krijt de namme fan de makker of fan it wenplak fan de balmakker - Boazumer, Riester, Peinzer, ensafuorthinne.



Atelier De Haan (1960). Foto: Leeuwarder Courant.

Rituelen

Us heit hat oeren yn syn atelier sitten te wurkjen – jûns, sneins en soms ta de nacht út, as er werris in nij idee hie. Ast by him op besite kaamst, wie it earste wat er die in pear 'nije' produkten op tafel lizze: 'Moatst even sjen, ik bin benijd watst der fan fynst!' En dan gongst mei yn it ritueel – hifkje, yn 'e hân hin en wer rôlje, omheech keatse en opfange, fan de iene


hân yn de oare keatse, sabeare opslaan.

Ik koe op 't lêst it ferskil yn gewicht oanjaan fan in fyfde gram, op it gefoel. Dêr hie er niget oan. Hy wist presys hoe swier as se wiene. As er hearde dat ik kaam, leine se klear – om kofjetiid hinne. Dan koene wy wol in healoere of mear oer de baltsjes prate. Op in stuit, begjin jierren tachtich, krige er kontakt mei in man dy't âlde kolfballen sammele, sels yn it Ingelsk in boek oer kolven útjûn hie. Hy frege ús heit om replika's, yn feite rekonstruksjes, fan kolfballen te meitsjen dy't op skilderijen út de 16^{de} ieu en letter stiene. Op 'e nij rekke er yn de besnijing fan de kreasje fan allerhande soarten keats- c.q. kolfballen, no ôfbylde op âlde skilderijen.

De man hjitte S.J.H. van Hengel, wenne yn Wassenaar en Londen, dêr't er ien fan de direkteuren fan de Baringsbank wie. Yn it boek oer colf hie Prins Claus in foarwurld skreaun. Hy wie in freon fan Van Hengel. Twa kear yn it jier kaam Van Hengel del. Yn septimber krige er fan ús mem in pear potsjes selsmakke jam en beisop. Yn de tún keuvelen se oer de nije kolfbalûntwerpen, oer it libben en de wrâld. In wike letter krigen se dan in entûsjaste bedankbrief fan de samler, mei nije opdrachten foar ús heit. 'De man prate heel aardich oer frou en bern en ... hy betelle neffens banknoarmen foar de replika's.' Hy hie har ek útnoadige yn Wassenaar, mar dat fûnen se wat te fier.

Peinzer roeken hawwe neat mei poerswarte

Us heit stoar dus op woansdei 16 desimber 1998, de moarns. Ik ried dy nacht en foar in part op tongersdei




Replikamodellen foar S.J.H. van Hengel.

17 desimber werom út Baskelân. Op freedtemoarn 18 desimber sieten myn jongste broer Auke en ik by dûmny Marten Lúzen de Boer (1939-2001) yn Easterein. Hy hie ek de foargonger west doe't ús mem begroeven wie. Us mem wie doopt, ús heit net.

Oan de begraffenis fan ús heit wie in gefjocht foarôfgongen. Fjirtjin dagen nei ús mem har ferstjerren kaam ik by ús heit yn Harns. Dêr fertelde er my, dat er yn Tsjom begroeven wurde woe. Ik wist net wat ik hearde, want wy hiene nea oer dy mooglikheid praten.


'Ik haw yn Tsjom as jonge in goeie tiid hân', sei er. 'En mem dan?', frege ik. 'Neffens my leit dy yn Peins.' 'Dy merkt der neat mear fan, ik wol nei Tsjom en ik wol dy De Boer ek net hawwe, dat wie neat. It moat



Marten de Boer. Foto: Famylje De Boer.

serieuzer. Dy dûmny út Tsjom dy't hjir lêsten wie, is fan betinken dat dy De Boer fierste licht is. Dy leaut amper.' Der gong my in ljocht op. Ik hie in pear moanne lyn sa'n swarte roek op 'e gong sjoen. Ik frege ús heit de namme fan dy roek en skille de man de jûns, makke him dúdlik dat er ús heit gfd mei rêst litte moast. Us heit wie te âld om noch doopt te wurden en de man moast him mar moai by syn eigen swarte roeken hâlde.

Hawar, Marten de Boer hâlde fan keatsen. Hy hie skoalmaster west yn Wommels, teology studearre,



Onderget skunde merklaard
dat de ballen, die door de heer
de Haan, van Peins worden
aan geboden, aan de hoogste
reizen valdoen.

H. Schuil.
Pr. Wilhelminast.
Harlingen

waard letter learaar oan de kweek yn Snits, dêrnei dûmny. Hy hie humoristyske protestantse, koarte ferhalen yn it Frysk skreaun. Wy wiene it der gau oer iens dat er yn syn preek wat dwaan soe mei de keatsbalmakkerij. Al pratende ûntstie der in pracht idee.

Fragmint keatsen preek Marten de Boer

'...
Yn 1954 seach Izaäk de Haan op de Bûnspartij te Frjentsjer hoe't keatser Jan Rodenhuis argewaasje hie fan brike keatsballen. De Haan fytste nei hûs mei in idee. As er dat no ris oanpakte: in bettere keatsbal

meitsje, faaks levere it ek noch wat op. Hy sribbe nei de perfeksje fan in rûn keatsbaltsje – as in artyst. Skepper fan in stik boartersguod dêr't ds. Hindrik Dykstra fan sei: 'it is it moaiste stik boartersguod dat ús Leave Hear skonken hat'. Dêrom hie er altyd in keatsbal yn de bûse fan syn toga. Faaks wie it ien dy't yn it Peinzer skuorke makke wie. In bal dy't allinne mar 'bal' neamd wurde mei as er rûn is. Fjouwer jier hat er eksperimintearre. Yn 1958 wie it sa fier. Foar it earst waard der op earste klas-partijen keatst mei de skepping fan De Haan – Rinny Kuiper, Wytse Vlietstra, Roel Hoekstra, Johan Jansen, Arp Hiemstra, de keningen fan alear keatsten mei



*Ruth Vulto-Gaube, Kaatsen.
Ur: Bylden fan de PC, Franeker, 2003.*

ballen út Peins. Heger en noch kreker te plak kamen de ballen fan Hotze Schuil achter yn it perk – in perfekte bal, in perfekte opslagger, in perfekte skatting.

Hotze wie entûsjast. Hy skreau in briefke dat goud wurdich wie: 'ballen die aan de hoogste eisen vol-doen, w.g. Hotze Schuil'. Kening Hotze joech in keninklik triuwke, better koe men net betinke. As dy keningen yn de omkriten fan Peins wiene, namen

se wat ballen mei, ferwikselen dy op de wedstriden en keatsten mei De Haan-ballen, as se dy dêre net hiene.

Der wie noch immen dy't in triuwke joech: Thomas de Groot, foarsitter fan de KNKB, minskekenner by útstek, makke in praatsje: 'Soene jo net offisjeel leveransier fan ballen foar de KNKB wurde wolle?'

Boartersguod

Dit jier krige pakesizzer Hylke op syn jierdei fan pake in keatsbal, mei syn hântekening en in hâlder. Nef-fens my kinne wy hjoed hjirre de lêste eare oan De Haan bewize troch elk in troch him makke keatsbal te jaan. Ta oantinken. It moaiste stik boartersguod dat ús Leave Hear skonken hat. Sels soe er it net wollen hawwe. Wy jouwe in lyts triuwke mei, en sizze, doch it mar. Jou elkenien mar in bal, as teken fan ús respekt foar de kreaasje dêr't jo de skepper fan wiene. En sjoch, hy seach en it wie goed ... Amen.'

Nei dy wurden oer de keatsbal en ús heit kaam Marten de Boer mei in kuorfol keatsballen oan de earm fan de preekstoel. Hy rûn by de banken lâns en lange elk in keatsbal oer. Doe't ik letter fan it hôf kaam, nei de beïerdiging, rûn in frommeske fan it âldereinhûs yn Harns op my ta. Se sei: 'Ik woe jo noch wat fertelle. Doe't ik jo heit syn lêste pak klean oanluts, haw ik de keatsbal dy't er altiten op tafel lizzen hie yn syn bûse treaun. Ik tocht, dy man kin net sûnder keatsbal op reis. Fertel it mar net fierder.'

No, nei it werlêzen fan Marten syn preek, fyn ik dat de geste fan it frommeske der moai by past, sokke froulju binne goud wurdich – mei in keatsbal de ivichheid yn. Oeral kin boarte wurde. No sa.

Josse de Haan

Perkspiler

It perk om dy hinne,
dyn namme falt,
hearst stimmen op de banken,
immen rekket dy oan
dyn namme falt,
do bist syn soan.

It perk jout gjin romte,
dyn namme falt,
kinst him sykheljen hearre,
it komt te nei-oan
dyn namme falt,
do bist syn soan.

It perk hâldt dy finzen,
dyn namme falt
do kinst dyn grinzen
en aanst giest der oan
dyn namme falt
do bist syn soan.

Baukje Wytisma